


KRYPTOGRAM 262a




Horizontaal

- 1 Saak fan neat (7)
- 5 Goede boeken oer George en Peter (11)
- 6 Unnoazele granaat (6)
- 7 Har bern is âlder (5)
- 8 Tiidwurd (4)
- 9 Lis jo arts dêroan fêst (6)
- 13 Diel fan in rotstekening út it mezozoïkum (10)
- 16 Keaper fan in spantsje (6)
- 19 Klean foar dronkene patatbakkers en de brânwar (8)
- 20 Stoartplak yn Amsterdam (10)
- 22 Inkelspul fan Nikkelen Nelis (13)
- 23 Om koart te gean: Wylst ik my skrepte en do mei respekt oer de skepter prekest, skerpet in ekpert de trepkes fan de terpkjes (7)
- 25 Romte fan in kardioloach (10)
- 26 Dúnhazze of kaniel (9)
- 28 Ferbining ha mei Klaske (8)
- 29 Doelline foar hurdfytsers (9)

Fertikaal

- 1 Soart dakkepel (9)
- 2 East-Europeaan dy 't problemen jout op skoalle (7)
- 3 Sa 'n foedraal past neat yn (10)
- 4 Draait om syn as op it fuotbalfjild (6)
- 6 In pau yn de pee (9)
- 10 Wetterkrêft (13)
- 11 Beweitsing? Dat kloppet! (5)
- 12 Blêd dêr 't wy wat fan leare kinne (11)
- 14 Beferzen trien fan in pony (8)
- 15 Wetterslot (10)
- 16 In soad omgnoarje (6)
- 17 Kûgelsk wurde fan âlde wapenbelesting (10)
- 18 Klap op de klakson foar in oankrûper dy 't de hichte yn giet 25 (7)
- 21 Knipwurk mei ien kondysje (8)
- 24 Sikkels fan de takomst (6)
- 27 In knyn fan Inne (4)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 25 - 14 - 2 - 6 - 23 - 27 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 262a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 262a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **31 july** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



Kryptogram 261a:

Plaknamme:
YNDYK
Winner Boekebon:
Styn Mast - Van der Zee,
de Rottefalle

LEEUWARDER COURANT

19-07-2025